

It sil barre yn 'e kommende dagen

LfdT Gesang 23

m: Frits Mehrrens
t: Jan Wit
o: Gerben Brouwer



1 It sil barre yn 'e kommende dagen,
dat de berch fan 'e timpel yn hearlikheid stiet,
dat de folken dy't frede bejagen,
harren risse as de rop fan Jeruzalem giet,
om it rjocht fan de Heare te learen,
har ta God en elkoar te bekearen.

1.

It sil barre yn 'e kommende dagen,
dat de berch fan 'e timpel yn hearlikheid stiet,
dat de folken dy't frede bejagen,
harren risse as de rop fan Jeruzalem giet,
om it rjocht fan de Heare te learen,
har ta God en elkoar te bekearen.

2.

As syn tuorren begjinne te blinken
en de bergen en hichten fan skamte fergean,
sille op Sion de lofsangen klinke
en de Hear en syn Ryk yn Jeruzalem stean,
om de wet fan syn rjochten te hâlden
oer it libben fan jongen en âlden.

3.

Yn 'e smidte fan 't hûs fan ús Heare
wurdt it swurd ta in ploechmes, de spear ta in sicht,
en hja sille gjin oarloch mear leare
en hja wiuwe en hja sjonge as de tsjusternis swicht
foar de wierheid, dy't komt as in dage
oer it folk dat de Heare behage.